

Begrafenis-en Crematievereniging Sloten
opgericht 25 juni 1929
www.uitvaart-sloten.nl
mailadres: uitvaart.sloten@gmail.com

Notulen fan de ledengearkomste fan tongersdei 13 febrewaris 2020

Oanwêzich: 13 leden en 5 bestjoersleden.

1. Iepening:

We krije in bakje tee of kofje mei in hearlik stikje cake.

Om 8 oere iepent ús foarsitter, Jannie Laanstra, dizze jûn. Hja hjit ús allegear wolkom. In spesjaal wurd foan wolkom is der foar de hear Stoeten fan De Lemmer, (ús reserve-boade) en foar Johan Verbeek.

We steane even stil by it ferstjerren fan 6 fan ús leden yn 2019.

Dan is krektlyn Gurbe Poepjes ferstoarn. Jannie hat nei syn begraffenis west en seach dêr 4 fan ús dragers yn aksje. "Chappeau", it seach der prachtich út en it gie sa goed as wat.

2. It fêststellen fan de wurklist:

We nimme de list oan, sa as er der leit.

3. De Notulen fan de ledengearkomste fan woansdei 6 febrewaris 2019:

Atsje lêst de notulen foar fan de ledenjûn fan woansdei 6 febrewaris 2019.

It ferslach wurdt neidat it foarlêzen is sûnder mear goedkard en oannommen.

4. Meidielings:

- a. Yn it bestjoer ha we in ferskowing. Niels nimt it sekretariaat oer fan Atsje. Atsje sil noch in jier de ferslaggen skriuwe.
- b. Nei it ynfieren fan "De Rekentool" wolle we fan 't maitiid in ledenwerfaksje begjinne.
- c. Jannie fertelt dat, no 't de boade fan Balk ophâlden is, de trije boades fan de omlizzende doarpen him meiïnoar ferge. Dit betsjut foar Cor ekstra drokte. Mocht it sa wêze dat der mear begraffenis tagelyk binne, dan giet in Sleattemer foar. Cor krijt fan Jannie in plom foar syn hurde en keurige wurkjen.
- d. Der is in fersyk yntsjinne by de gemeente foar in stikje nije bestrating op "De algemene Begraafplaats". Stoeten fertelt dan dat op it begraafplak op De Lemmer, asfaltpaden oanlein wurde sille.

5. It jieroersicht fan 2019:

De getallen; We hiene op 31 desimber 2019: 410 leden en 132 leden jonger as 18 jier. It bestjoer hat 3 kear bijinoar west; 27 febrewaris, 8 oktober en 4 novimber.

En sa as jim boppe oan jim útnûging sjen kinne: we ha in mailadres.

It jier 2019 hat foar ús as bestjoer it jier fan De Rekentool west.

Niels, ús jongste bestjoerslid, hat him ferdjippe yn de matearje en ús weiwiis makke.

De Cluster:

Wy falle ûnder De Cluster Gaasterlân-Sleat. Cor is skriuwer fan

dizze rûnte. Der is in mail kaam fan de Cluster oer in fotograaf/journalist (Arie Mouthaan) ,dy 't graach in krantestik foar it Parool, de NRC en ... meitsje wol oer it unike fan de "211 friese uitvaartverenigingen". Hy wol graach foto 's fan de dragers ha. Jannie hat alle dragers by del west en.. ja... se wolle mei wurkje. Dat gegeven hat se trochjûn. No mar ôfwachtsje, wat oft der yn de kranten komt. Oant no ta is it noch stil.

De Federatie van Friese uitvaartverenigingen:

Dit is in oerkoepeljend orgaan dat ús advizen jout. Wy binne autonoom en meie sels witte wat as we mei dy adviezen dogge. Hja hawwe in nije skriuwer/secretaris, dy't tige aktyf is op de mail en op harren site. Niels hat foar ús de koades sa makke, dat we allegear maklik yn de mail en op de site komme kinne.

Sawol op de "Voorjaarsbijeenkoms" yn Drachten as op de "Najaarsbijeenkoms" fan de Federaasje yn Snits hawwe 2 bestjoersleden ús feriening fertsjintwurdige. Dat is in goede saak, want der komme gâns saken oan de oarder.

De nije rekkentool:

Niels hat him goed besjoen en nei rekkene en op ús oerlis fan febrewaris hat er him oan ús út lein.

Cor, Jannie en ik ha nei in Regio-oerlis fan de Federaasje west yn Koudum. Dêr is de nije Rekkentool nochris goed útlein. Wy binne tefreden en wolle him yn fiere. Niels sil him aansen oan jim útlizze.

Nardus: in lanlik oerkoepeljend orgaan:

It sertifisearjen is fan de baan. Elke feriening is sels ferantwurdlik. Nardus hat in gedrachskoade dellein, dêr 't men har oan konformearre kin. Wy ha ús hâlden en dragen checkt. We sille noch in wenselijstje en in klachtenformulier op de site sette. En dan binne we tefreden.

Cor en Niels ha 21 oktober nei Grou west; nei de jûn fan Nardus. Nardus woe witte wat de ferienings fan har aktiviteiten fûn.

De Algemene Begraafplaats:

Pedro hâldt it ûnderhâld yn de gaten. Sadree't er wat sjocht wat him net oan stiet, nimt er kontakt op mei Hoekstra fan de gemeente. Sa is der no in brief ûnderweis nei B.en W. mei de fraach om nije bestrating fan de middelste rûnte en it binnenpaad.

De klokken:

Der is in fraach kaam fan Henk Brouwer oangeande in donasje fan ús!

De Grutte Tsjerke fan Sleat waard restaurearre. De toer en de klokken binne fan de gemeente. De klokken binne ûnder brocht yn in "Gemeentelijke Monumenten Stichting". No blykt dat de klokken en it technyske stik fan it lieden oan ûnderhâld ta binne. Dit moat sa `n € 5600 kostje. Oan ús is frege om in donasje fan € 1000,-.

It bestjoer stiet hiel sympathyk tsjinoer de toer en de klok, mar ja.. mei it each op presedintwurking binne we net op de fraach yn gien.

6. De presentaasje fan de Rekentool:

Niels fertelt mei help fan de beamer hoe 't de nije Rekentool wurket.

De "vergadering"nimt de Rekentool oan. No kinne we in ledenwerfaksje begjinne.

7. It jierferslach fan de ponghâlder:

- a. We krije in A4 mei in koart en dúdlik oersicht. Auke leit it ien en oar út.
- b. Ferslach fan de kaskommisje.

Hartman Feenstra en Henk Brouwer ha in moarn by Auke west om de boeken te ynspektearen.

Hartman Feenstra fertelt dat alles tip-top is. De betellingen geane allegear mei telebankieren. Auke hat alle handelingen nûmere. Sa koene Hartman en Henk alle transacties troch rinne. Harren konklúzje is dan ek: in perfekte boekhâlding. De foarsitter betanket de hearen foar harren wurk.

- c. It beneamen fan in nij kaskommisjelid:

Henk Brouwer is ôftredend. Sjoerd Seffinga wurdt beneamd as opfolger fan Henk. Der is applaus foar penningmeester Auke Bergsma. De kaskommisje wurdt betanke en oan it bestjoer wurdt dejarge ferliend.

8. It Omfreegjen:

De hear Stoeten betanket foar de útnûging en de plesierige gearwurking.

Henk Brouwer beneamt de sosjale funksje fan dizze feriening. Hy betanket de bestjoersleden foar harren wurk foar de mienskip.

In fraach: wat is Nardus; wat moatte we mei al dy oerkoepelingen?

Antwurd: Hja sitte oan tafel mei de heage hearen yn Den Haach. En komme op foar û.o. ús.

9. Keunstskilder en restaurateur Johan Verbeek fertelt oer syn wurk en syn

wurkwizen. Hy docht dit mei ûndersteuning fan bylden op in grut doek en mei de beamer. Johan fertelt fan it opknappen fan grêven; oer it restaurearen fan tsjerken en âld ark. Prachtich! Wat kin sa 'n man wat. Hulde, Johan!

We ha foar him as tank in koer mei fan alles en noch wat.

10. It Sluten:

Om in oere as 10 slút Jannie dizze moaie jûn. Se betanket in elk foar syn kommen en winsket ús foar aansjen wol thús.

We nimme noch in slokje en dan sette we op hûs oan.

Wikel, 14 febrewaris 2020.